



IERE BLOEIERS

IT WAAR HJOED:



DATUM:

Febrewaris is de lêste wintermoanne. Mei faak noch snie en iis. Dochs fernimst dat de maitiid der oankomt. It bliuwt langer ljocht. De sinne fielt al goed. En de earste blommen binne der. Tiid om der nei op syk te gean.

WAT HAST NEDICH?

- ûnderlisplaat
- ilestyk
- potlead

A.


Yn tunen en parken bloeie de earste blombollen.
Hokker sjochst?



LIDERKE



AYTTABLOMKE




KROOKJE

B.

Besjoch liderkes (sneuwklokjes) ris fan tichteby.
In liderke (sneuwklokje) hat 3 / 6 / 9 wite blombledsjes
De bûtenste blombledsjes binne GRUTTER / LYTSER dan de binnenste.
Op 'e BUTENSTE / BINNENSTE blombledsjes sit in kleurde flek.

DOCHBLED



Tekenje dy flek op it goede plak

De bledsjes fan in liderke (sneuwklokje) binne

- ☐ plat
- ☐ rûn
- ☐ trijehoekich

Hoefolle griene bledsjes hat elk liderke (sneuwklokje)?

C.

Gelyk mei it liderke (sneuwklokje) bloeie de ayttablomkes (winterakonietjes).

Elke blom hat 3 / 4 / 6 blombledsjes.

Flak ûnder elke blom sit in kraachje bledsjes.

Dy bledsjes binne in BYTSJE / DJIP ynsnien.

Soms sjochst dizze bledsjes krekt út'e grûn komme.

Sokke bledsjes

- ☐ stean rjochtop
- ☐ hingje nei ûnderen



De bledsjes deun ûnder de blom fan it ayttablomke (winterakonietje) ha om de knop sitten. Sa beskermen sy de knop doe't it plantsje noch groeide. De echte bledsjes komme pas as de blomkes útbloed binne. Dat is measten-tiids pas yn maart.

D.

As de winter net hiel kâld is, bloeie der ek al krookjes (krokussen).

Hokker kleuren krookjes sjochst?

E.


Krije de iere bloeiers al besite fan bistjes?

Ik sjoch

- ☐ hommels (holders)
- ☐ bijen
- ☐ flinters
- ☐ gjin bistjes
- ☐



LYTS HOEFBLÊD
(KLEIN HOEFBLAD)




KROWEBLOMKE
(MADELIEFJE)

F.


Ek guon wylde planten bloeie al yn febrewaris.

Sykje der mar ris nei.


Set in krúske by de soarten dysto fynst.



BÛTERGIELTSJE
(SPEENKRUID)



PEARZE
DÔVENETTEL
(PAARSE DOVENETEL)



KRÚSWOARTEL
(KLEINE KRUISKRUID)